

Tsjil

Tema: ferwûnderje dy

Jiergong 26 | nûmer 7 | maaie 2023

De ierappel

Fryske hynders

Hutspot helje mei de quad

Ynhâld

5

Kom fierder 3

Gedicht 4

Sjoch my 5

LinKke siden 6-7

Tsjilpost 8-9

Koart ferhaal 10-11

Tsjille fragen 12-13

Tsjek it out 14

Der op út 15

Tsjek dit 16-17

Efkes foarstelle 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20



7



14



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Haadredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Jacob van Essen, Hoge Noorden

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil
ISSN: 1389-348X

Abonnemintsprizen 2022-2023:
Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde

It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassespakket útjûn.

Abonneminten op Tsjil binne
troch rinnende abonneminten.
Opsizzen fan it abonnemint kin foar
1 juny fan it rinnende skoaljier.

TAALPLAN
FRYSK
2030

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Wat de boer net ken...

Wy sizze wolris *wat de boer net ken, dat fret er net*. Dat betsjut eins dat minsken net hâlde fan wat se net kenne. Dat wy woartels en ierappels ite, fine wy hiel gewoan. Mar fynst it ek gewoan om bakte sprinkhoanne op te iten? Dat fine se yn Meksiko of Uganda in feestje! It is mar krekt yn watfoar kultuer ast grutbrocht wurdst.

Yn dizze Tsjil giet it oer natuer en lânbou yn ús provinsje. Hasto wol yn 'e gaten hoefolle iten der eins fan of út de Fryske boaiem komt? Tink mar ris oan ierappels, ferskate soarten koal, woartels, sipels, biten, apels, parren en ferskillende soarten beien. It is in wûnder hoe't al dit lekkere iten yn in koarte tiid fan siedsje útwaakst (uitgroeit) ta griente of fruit. Somtiden hoechst der ek hielendal neat foar te dwaan want watsto as fûgelfoer of ûnkrûd beskôgest, soe ek hiel sûn foar dysels wêze kinne. Hasto bygelyks wol ris tee set fan brânnettels?

As wy oan de it Fryske lânskip tinke, tinke wy ek oan hynders, kij en skiep fansels. De ko is al hiel lang yn Fryslân sa ast sjen kinst yn it filmke fan de Fryske kanonfinsters *de ko* op www.11en30.nu. Ast in kear op paad bist, ferwûnderje dy dan ris oer alles wat der yn Fryslân groeit en omrint.

In soad lêswille tawinske!



Groetwîs, Tjitske

Sjochsto hokker plak dit is?



Yn de foarige Tsjil stie in foto fan De Lemmer. Sjochsto wêr't de foto hjirboppe makke is? Ast hiele goede eagen hast, sjochst it byld fan *de wjirmdolster* foar de tsjerke. Ast hjir by helder waar op 'e seedyk stiest, kinst twa waadeilannen sjen.

Jirpels

Us mem is gek op pasta,
ús heit hat leaver rys,
myn broer bestelt in pizza
ús pake fynt soks fiis.

Syn wrâld bestiet út jirpels
dêr draait it om by him,
syn jirpelskilersmeske
skylt tinner noch as tin.

Op moandei yt er Borgers
op tiisdei Reade Star
op woansdei Opperdoezen
op tongersdei Doré's
op freed dan binne it Bildtstar
op sneon de Nicola's
op snein skylt hy Irenes

en beppe seit:

HAWAR!

In ierpel of in jirpel
der is gjin dei gelyk,
do bliuwst myn Eigenheimer
fol fleur en dynamyk!

Hendrik Veldman út Warns

Hûndert kij, tsien skiep, sân downen, fiif hynders, in pear katten en in hûn. En dat is noch lang net alles. It is ien grutte bisteboel by de 11-jierrige Hendrik Veldman thús. Hy wennet mei syn âlden, broerke, suske, pake en beppe op in pleats yn Warns. It boerelibben befalt Hendrik poerbêst.

'Us buorkerij hjit fan Mariënhiem. Dy stiet der al hiel lang', fertelt Hendrik. Neffens syn mem Aukje al hast 150 jier. Pake en beppe wenje by harren op it hiem. 'Yn in hûs achter de buorkerij dêr't wy wenje.' Gesellich, mar ek praktysk. Want it wurk op it melkfeebedriuw giet altyd troch.

'Drok!', sa neamt Hendrik it libben op de pleats. 'It wurk giet sân dagen yn de wike troch. De kij ha fansels gjin wykein.' Hendrik mei syn heit graach helpe. 'Mei foer oanskowe, fuorje of it keallehok opstruie. Dan ha sy in skjinn bedsje.' Al dy kij moatte ek molken wurde. Dat giet automatysk. 'Ik help soms mei om kij nei de melkrobot ta te bringen. Sy harkje goed nei my.' Moarns betiid giet Hendrik faak by de

skiep del. 'Dy wurde dan wekker en gean allegear stean. Pake fuorret harren dan. Dat fyn ik moai om te sjen.'

Kûlje

Hendrik is ek in soad bûten de stâl te finen. 'It moaiste fyn ik it kûljen. As it gers meand is, hellet in masine it byinoar. Dat wurdt op in bulte smiten en dan komt der plestik oerhinne. Nei in pear moanne is it gers fermintearre. Dan kinst it oan de kij fuorje. Yn de simmer ite sy farsk gers, mar as dat der net is, ite sy it kûlfoer.'

As der jarre wurdt, is Hendrik ek fan de partij. 'Dan ride wy mei in grutte tank achter de trekker stront oer it lân. Dan krijst in bettere opbringst fan it lân.' Hendrik fynt it net stjonken. 'Wy fine it sels lekker rûken!'

Trekkers

Hendrik is trouwens gek fan trekkers. Net allinnich om nei te sjen, mar ek om op te riden! 'Doe't ik fiif wie, ried ik al op de túnmeaner', fertelt Hendrik. 'Ik ryd ek al op de grutte trekker. Dat ha ik op de pleats

leard.' Hendrik syn dreamtrekker is in MF8S. 'Dy is echt hiel grut! Ik ha der alris yn sitten, mar dy kin ik noch net bestjoere.' Fan alle bisten op de pleats binne Hendrik syn downen favoryt. 'Ik ha der sân. Dy sieten op de buorkerij en giene net mear fuort. It slagge my om se te fangen. Ik makke in grut hok foar se. Sa ha ik fan wylde downen tamme downen makke.' Hendrik sjocht eltse dei efkes by de fûgels. 'Dan jou ik se wat wetter en foer.'

Kealtsje en lamkes

It is no in ekstra drokke perioade op de pleats, want der binne kealtsjes en lamkes. Ek dêr springt Hendrik mei alle leafde by. 'Ik hâld de skiep yn de gaten en ik help mei it kealjen. As in ko befallen is, lis ik it kealtsje yn syn hok. Dan giet de ko nei de melkmasine.'

'Ik mei ús heit graach helpe. Dan binne wy tegearre lekker bûten', fertelt Hendrik. 'Ik fyn it hearlik datst de fûgeltsjes hearst en frij bist.' It grutte foardiel fan wenje op in pleats? 'Der is altyd ien thús! Dat is hiel fijn.' Boer Hendrik

It sil dy net fernuverje dat Hendrik it bedriuw letter oernimme wol. 'It is in hiele moaie pleats. Ik sjoch mysels der wol rûn rinnen.' Hendrik soe net in soad feroarje. Al binne al dy bisten wol in soad wurk. 'Mar wy dogge it mei de hiele famylje, dus it skrikt my net ôf.'



Stikstof



Stikstof hâldt ús lân al in pear jier dwaande. Mei as gefolch trekkeraksjes, omkearde flaggen, lilke boeren en de winst fan politike partij BBB. Mar wat is stikstof eins? En wêrom is der sa'n gedoch oer? Wy besykje it op in rychje te setten.



Wat is stikstof?

Stikstof sit oeral yn 'e loft en is net skealik. Sterker noch: de loft bestiet foar 78 prosint út stikstof. We azemje (ademen) it yn en út en ha der fierder gjin lêst fan. It wurdt oars as dy stikstof him bynt oan soerstof of wetterstof. Dan ûntsteane der stoffen dy't wol skealik binne. Dy kinne foar longproblemen soargje ast der in protte fan ynazemest. En de natuer hat der fan te lijen.

Hoe dan?

Planten ha stikstof nedich om te groeien. Mar as der tefolle stikstof is, groeie guon planten hiel hurd. En dy drukke oare plantsjes fuort. Dat is no it gefal yn natuergebieten. Gers, brânnettels en toarnbeien (bramen) groeie omraak en lytsere, kwetsbere plantsjes ferdwine. Dat betsjut dat de ynsekten en flinters dy't op dy plantsjes libje, ek ferdwine. En de fûgels dy't dy ynsekten ite, krije it ek dreech. It oantal soarten fan alles wat libbet, ek wol bioferskaat (biodiversiteit) neamd, nimt ôf.

Is dat slim?

Ja, want bioferskaat soarget foar it libben op ierde. It soarget foar skjinne lucht, skjin wetter en in sûne boaiem (bodem). En ynsekten binne nedich om derfoar te soargjen dat planten fruchten en sied meitsje. En dat ha wy wer nedich foar ús iten.

Wêrom is it no ynienen in probleem?

It stikstofprobleem spilet al hiel lang. Sa'n fjirtich jier lyn wie de útstjit fan skealike stikstof noch folle grutter as no. Der is al in protte dien om dat nei ûnderen te krijen. Der is doe ek ôfpraten dat natuergebieten better beskerme wurde moatte. Dat is fêstlein yn in wet. Yn 2019 hat in rjochter sein dat wy as Nederlân ús net oan dy wet hâlde, omdat de natuer noch hieltyd achterútgiet. Nederlân is ferplichte om dat te stopjen.

Wêrom al dy heisa?



Wat ha de boeren dermei te krijen?

De skealike stikstof komt troch meardere oarsaken yn 'e loft en yn natuergebieten. De útstjit fan ammoniak (in skealike foarm fan stikstof) is neffens wittenskippers de grutste oarsaak, sa'n 46 prosint. Dy ammoniak komt frij út dong (mest) fan fee. Dêrneist bringe ek fabriken, auto's, fleantugen en skippen skealike stikstof yn 'e loft. In part waait ek út it bûtenlân wei de grins oer.




Wêrom binne de boeren sa liik?

De boeren fine dat sy de skuld fan alles krije. En dat sy ek allinne it probleem oplosse moatte. De polityk yn De Haach wol minder kij, bargen en hinnen yn Nederlân ha om sa de útstjit fan stikstof te ferleegjen. Dat betsjut dat der boeren ophâlde moatte en dat oaren net groeie kinne. De boeren fine dat te koart troch de bocht. Der binne ek technyske oplossingen om de útstjit fan stikstof te ferleegjen. Boppedat soene fabriken, it ferkear en Skiphof ek helpe kinne om it probleem op te lossen.


Hoe moat it fierder?

Dat is in goeie fraach. We binne no trije jier fierder en eins wit noch net ien hoe't it komt. It is dan ek yngewikkeld. Troch de útspraak fan de rjochter steane der saken stil dy't soargje foar ekstra stikstof yn natuergebieten. Bygelyks de bou fan huzen, want boumasines produsearje ek stikstof. Sa hat it stikstofprobleem hiel Nederlân yn 'e tange. It is de keunst om der mei ús allen út te kommen.



Kinsto wat dwaan?

In protte boeren snappe dat hieltyd grutter wurde net mear kin. Mar minder kij betsjut ek minder ynkommen. Dat moatte se earne oars mei werom fertsjinje. In bettere wrâld giet ús allegear oan en dêrom moatte én kinne wy allegear helpe. Troch te sjen wêr't ús iten weikomt en hoe't it makke is bygelyks. As elkenien wat mear betelje wol foar earlik iten út 'e buert, kinne boeren mear rekken hâlde mei de natuer. Mar minder autoride of fleane helpt ek. Of minder guod út lannen as Sina keapje dat yn grutte kontenerskippen ferfierd wurde moat.



Ierappel is de meast iten griente fan de hiele wrâld. Yn lannen as Nederlân en België wurdt de ierappel lykwols earder sjoen as in bygerjocht as as in griente. Nei rys, tarwe en mais is de ierappel it wichtichste gewaaks (gewas) dat ferboud wurdt as iten op 'e wrâld. De ierappel komt oarspronklik út súd-Perû en wie folle lytser as dat wy no wend binne. De earste ierappels waarden fan de twadde iuw fan ús jiertelling ôf heech yn it Andesberchtme (yn Súd-Amearika) teeld troch de Inka's, in yndianefolk. Yn it berchtme (gebergte) koene gjin oare planten groeie, dêrom waard chunu (de ierappel) sa populêr. De ferskillende soarten chunu's waarden troch de Inka's iten as haaditen, mar ek drûge oant it moal waard én der waard sels bier fan makke. Al dy chunu's, oftewol betide ierappels, stamme ôf fan ien plant út it suden fan Perû, sa hat letter bliken dien út DNA-ûndersyk.

Yntroduksje yn Europa

In grut part fan Súd-Amearika waard yn de 16e iuw ferovere troch Spaanske feroveraars, ûntdekkingsreizgers en avonturiers. By it feroverjen en plonderjen waard de chunu ek ûntdutsen troch de Spanjerts en meinommen nei Europa. Dêrnei is de ierappel troch mûntsen (monniken) ferspraat út Spanje wei oer de rest fan Europa.

Ierappel erkend as iten

Dochs duorre it noch in hiel skoft foardat de ierappel yn Europa sjoen waard as iten. Yn it begjin waard de ierappel nammentlik foaral plante yn botanyske tunen. Yn dy tunen binne in soad ferskillende planten plante út binnen- en bûtenlân. De stâlen en beien fan de ierappelplant binne giftich en dêrom tochten de boeren yn Europa dat de knollen ek net sûn wiene. Yn dy tiid waarden ierappels benammen brûkt as iten foar bargen of hiele earme minsken. Pas yn 1727 waard de ierappel foar it earst yn Nederlân akseptearre en sjoen as echt iten. Stadichoan wûn de ierappel oan populariteit en krige it de rol fan folksiten. Fan de 18de iuw ôf waard de ierappel yn elk Europeesk lân ferboud en de griente is sûnt dy tiid allinnich mar populêrder wurden.



Ierappel wei?



Wêrom ite Nederlanners safolle ierappels?

Ierappels binne goedkeap en je kinne der in soad mei dwaan. Kinst se bakke, poffe, siede, frituere, kinst der sjips fan meitsje, patat of puree en noch folle mear! En de ierappel groeit goed yn it Nederlânsk klimaat.

Hoe't de ierappel oan syn namme komt

De Nederlânske namme *aardappel*, apel út de ierde (ôflaat fan it Frânske *pommes de terre*), is eins wat nuver. De ierappel is nammentlik gjin fruit mar griente en liket net iens op in apel. Yn Dútslân hjit de ierappel *kartoffel*. Dat is ôflaat fan de Spaanske omskriuwing *tartufo blanco* (blanke knol). De Ingelsen namen de ierappel út de Carribean mei, dê't er *batata* neamd wurdt. Hjiryn leit de oarsprong fan de Ingelske namme *potato*.

Hannewaarmer

Eartiids as it tige kâld wie stoppen boerebern in hjitte ierappel yn elke jaspûse as se nei skoalle giene. Sa hâlden se de hannen waarm. Op skoalle koene se dizze hannewaarmer dan lekker opite.

Hjerstfakânsje

Eartiids (vroeger) waarden ierappels hânjittich roaid. In put wurk foar de hiele húshâlding, ek de bern holpen mei. Om learachterstân foar te kommen hat men doe de hjerstfakânsje yn it libben roppen. Hjir genietsje jim noch hieltyd alle jierren fan!



Fragen nei it lêzen

1. Wêr waarden de earste ierappels febouwd?

- Súd-Amearika
- Spanje
- Kanada

2. Fan welke iuw ôf waard de ierappel yn elk Europeesk lân ferboud?

- 14de iuw
- 15de iuw
- 16de iuw

3. Hoe hjit in ierappel yn Dútslân?

- Batata
- Kartoffel
- Pomme de terre?

Mei de mobyl noch yn 'e hân seit Rik syn heit: 'Dat was Tsjerk. Hij vroeg of ik weer eens langskwam. Dus ik heb voor over twee weken afgesproken. Want ik dacht, dat is ook leuk voor jou. Om mee te gaan, bedoel ik.'

Rik sjocht op fan syn spulkompjûter. Hy blaast in toefe hier út syn gesicht. 'Naar die studievriend van je in Friesland? Die op een boerderij woont? Tussen de koeien zitten is niks voor mij, pap. Maar ga jij gerust. Mam wil vast wel van weekend ruilen.'

'Nergens voor nodig,' fynt Rik syn heit. 'Je bent dat weekend bij mij, zo is dat afgesproken. Dit is een kans voor je om de stad eens uit te gaan. Je bent toch nog nooit op een boerderij geweest? Hartstikke leuk dus. En ook leerzaam.'

Tsjerk en Akkelyn hebben een zoon van jouw leeftijd, wist je dat?'

Rik prottelet wat oer 'boertjes' en 'stront', mar syn heit jout gjin striebreed ta. Lipe of pipe, hy moat mei. 'Heb ik weer,' suchtet Rik.

Samar is it safier. De autorit duorret mear as twa oeren, mar Rik docht in spultsje op syn mobyl, dan giet de tiid hurd.

'Kijk eens om je heen,' seit syn heit. 'Hoe weids het hier is, en hoe rustig.'

Se ride oer in smel dykje by in feart del. Links sjocht Rik greide. Rjochts sjocht

er greide. Hjir en dêr stiet in hege, wite wynmole. Wat pleatskes en huzen lykje mei willekeur oer it lân struid te wêzen. 'Hebben ze hier geen stad?' freget er.

'Met een HEMA en Appie en zo?'

'Zo'n tien kilometer verderop,' antwurdet syn heit. 'De mensen hier zijn gewend vooruit te denken. Vaak halen ze hun boodschappen eens per week.'

'Ernstig,' fynt Rik. 'Zijn we er bijna?'

'Nog sterker, we zijn er!' ropt syn heit.

Fia in brede daam draait er in betondykje op. Rik sjocht oan 'e ein in grutte skuorre stean. Links is in bûnte blommetún, mei dêrachter in âlde pleats mei ûlebuorden op it dak.

As heit útstapt, ropt er: 'Hé, die Tsjerk!' tsjin in man dy't al oer de reed op har tasetten komt. Hertlik fûstkje de manlju.

'Moai datst der bist,' seit Tsjerk. 'En dit moat Rik wêze.' Hij stekt syn grutte hân út. 'Hoe giet it mei dy, jong?'

'Eh... wat zegt u?' freget Rik.

'Dat hast sa troch,' seit Tsjerk en hy laket bolderjend. 'Liest my tûk genôch. Bisto net alve, lykas ús Geart? Wêr is dy jonge no wer? Hy draait him om en âlet in pear kear de namme fan syn soan. 'Sil wol wer achter de kompjûter sitte,' suchtet er dan.

Rik spitst syn earen. 'Computer?' freget er.

'Syn Nintendo,' seit Tsjerk. 'Dêr moatte wy him hast achterwei lûke. Kom mei.

Jim sille wol sin oan wat ha. Akkelyn hat krekt in sûkerbôle bakt, fan ús eigen nôd. Se lit it by de mole mealle. Hast noch nea sok lekkers preaun, Rik.'

Tsjerk hat net tefolle sein. Rik behaffelet it stik sûkerbôle mei smaak. En in twadden slacht er ek net ôf. Underwylst sjocht er troch it rût it lân yn. 'Waar zijn jullie koeien?'

'Ik ha gjin fee,' antwurdet Tsjerk. 'Ik bin in bouboer. Geart, moatst aanst mei Rik mar efkes in rûntsje oer it bedriuw meitsje. Kinst wol wat hutspot helje, foar it jûnsiten.'

Geart knikt. 'Mei ik dan op 'e quad? Rik kin wol achterop.'

As de heit fan Rik besoarge sjocht, stelt Akkelyn him gerêst: 'Geart rydt al op in quad sûnt er seis is.'

'Mei it? Please?' smeket Geart.

Tsjerk antwurdet wat string: 'Beide in helm op. En net te hurd ride. Hearst my? Gjine stoere ûnsin. Hast in gast achterop. Begrepen, Geart?'

Geart docht krekt oft er in pet oantikket.


'Ai ai, baas. Kom Rik. Wy helje hutspot.'

Rik wit net iens wat in quad is. Mar syn heit knikt dat it mei.

Geart smyt de doarren fan de skuorre iepen en pakt ek foar Rik in reade helm fan in kapstôk. Hy grypt in smoarge, âlde tas fan 'e grûn. Tsjin in skud stiet in soart



helje mei de quad



motorke op fjouwer tsjillen. Geart stapt op. 'Gean mar achter my sitten. Goed fêsthâlde.' Hy draait oan in kaike, drukt in knopke yn en jout gas. Se knetterje lûd fan it hiem ôf. Rik grypt de trui fan Geart fêst. Dat is wol nedich, want se ha de gong der aardich yn. Hoewol't Rik ferwachte hie nei in supermerk te gean, belânje se op in hobbeldebobbelreed neist in stik boulân. Midden op it paad set Geart de quad út.

'Ik dacht de wij hutspot gingen kopen?' freget Rik.

'Keapje?' laket Geart. 'Nee jong, ierappels, woartels en sipels ha wy sels. Sjoch, dêr stiet wol in foarke.'

Handich docht Geart foar wat de bedoeling is. Mei de foarke wipt er wat ierappels út 'e klaai. Rik stiet fersteld.

'Ga weg, groeien die onder de grond?' Geart knikt. 'It binne knollen,' seit er. 'No dwersuer nei de woartels.' Hy triuwt Rik de foarke yn 'e hân. 'Do mar efkes. Tsiën is genôch.'

'Zijn woartels ook knollen?' freget Rik wylst er in stik of wat út 'e grûn spit. Geart gniist. 'No nee. Woartels binne... de woartels fan de plant.'

'Oef,' seit Rik. 'Beetje dom. En nu de sipels nog?'

'Dy groeie dêre,' wiist Geart. Hy springt oer in sleat. Rik wol net foar him ûnderdwaan, mar hy rêdt it mar krekt op sûnder wiete fuotten. 'Zijn deze zielige, dooie planten de sipels?' vraagt hij. 'Ziet er niet best uit,' 'Pas as de blêden brún binne, binne de sipels klear,' fertelt Geart. Hy set de foarke derûnder en... 'Krijg nou wat,' seit Rik. 'Uien!'

Mei alle griente yn 'e âld tas tuffe de jonges wer rêstich nei de pleats werom. Tegearre skowe se de quad teplak yn 'e skuorre en hingje se de helms oan de



Fragen nei it lêzen

1. *De autorit duorret mear as twa oeren.* Stel dat de pleats fan Tsjerk, Akkelyn en Geart yn Blije stiet, yn hokker Nederlânske stêd soene Rik en syn heit dan wenje kinne? Do meist ynternet brûke, sa as maps.google.com. Bepaat jimme antwurden mei-inoar.

2. Hast ûnderoan de twadde alinea stiet: *Akkelyn hat krekt in sûkerbôle bakt, fan ús eigen nôd.* Wat soe *nôd* betsjutte?

- suikerbieten
- melk
- graan

3. Geart en Rik helje ierappels, woartels en sipels fan it lân. Wat hasto wolris iten dat streekrjocht fan it lân, út in tún of oars út de natuer kaam?

Op it lân en fan it lân. Fryslân is in echte lânbouprovinsje. Der binne in soad boeren en wy ferbouwe mei-inoar in soad produkten op it lân. Mar it iten dat wy sels yn de kuolkast hawwe, komt dat hjir út Fryslân? Of hellest dat earne oars wei? Tsjil Tsjekt giet dizze moanne oer op it lân en fan it lân. De lânbou en iten dus! Raynaud kin dy der in soad oer fertelle.



1 Wat is dyn favorite iten?

'Ik bin sljocht op pizza. Eins ken ik ek gjinien dy't dat nét lekker fynt. Pizza is net echt in Frysk produkt, mar typysk Italiaansk. Tusken it iten fan no en wat de minsken yn it ferline hjir yn Fryslân ieten, sit in soad ferskil. Dy ferskillen kinst hast wol riede fansels, mar ast it echt witte wolst, moastst nei Tsjil Tsjekt sjen. Ik tink dat se yn elts gefal gjin pizza ieten...'



2 Soe Tjits ek fan lekker ite hâlde?



'Dit komt dan miskien ek net allegear fan ús lân, mar is wol hartstikke lekker.' Tjits is yn ien fan har fideo's lekker oan it bakken. En net allinne, nee elkenien helpt mei. Wol spitich dat se my net útnûge hat om lekker mei te smikkeljen... Tjits har flochfideo's sitte net yn Tsjil Tsjekt, mar binne wol allegear op har YouTube-kanaal te sjen.'

3 Bôle bakke yn de grûn?

'Miskien hast de útspraak 'in aaïke op de motorkap bakke' wolris heard. Of dat echt slagget, dât haw ik noch nea besocht, mar yn Tsjil International is wol wat oars bysûnders besocht. Nammentlik, bôle bakke yn de grûn. Saskia wennet yn Nij-Seelân en dêr hawwe se fulkansyske grûn. Dat kin sa hyt wurde datst der gewoan bôle yn bakke kinst. Soe it Saskia slagje? Sjochst it yn Tsjil Tsjekt!'



4 Bisto wolris bûten oan it wurk?




'Yn de Tsjellenge fan dizze moanne mei ik mei de hannen yn 'e grûn. Reade wjirmen binne hiel goed foar de grûnkwaliteit en goede grûn is fansels wer belangryk foar it bioferskaat. De Tsjellenge fan dizze moanne is dan ek; tel hoefolle wjirmen der yn ien fjouwerkante meter grûn sitte. Ik kin my ferfelendere lessen foarstelle. Sis no sels; wjirme telle is dochs fólle leuker as rekkenje út in boek?'

5 Wat is de stelling fan de moanne?

'Dizze moanne hawwe wy it dus oer lânbou. Al mei al giet it om de fraach: moatte wy allinnich ite wat lokaal makke wurde kin of mei it ek ymport wêze? Ik tink sels dat it miskien noch wat te betiid is om alles allinne út Fryslân te heljen, mar it soe wol echt folle better wêze om earst te sjen nei wat wy hjir hawwe. Wat fynsto?'



Folgje Tsjil fia TikTok, Instagram en YouTube én doch mei oan Tsjil Tsjekt!



Sels stimpels meitsje

Ierappels binne fansels om op te iten. Mar wilst wol datst der ek wat kreatyfs mei dwaan kinst? Yn dizze *tsjek it out* learst hoe'tst sels stimpels meitsje kinst fan ierappels. Kinst in útstekfoarmke (foar klaai of koekjes) brûke of in meske as dat mei fan master, juf, heit of mem. Wêr silsto op stimpelje? It kin bygelyks op papier of stof.



Wat hast nedich?

- Grutte ierappels
- In (ierappelskyl)meske
- Utstekfoarmkes
- Snijplanke
- Keukenpapier
- Kwasten
- Ecoline of ferve
- Papier of stof

Tips:

- Meitsje in moaie kaart foar in freon of famyljelid
- Brûk tekstylferve ast klean bestimpelje wolst (tink wol om dyn eigen klean!)
- Kinst ek op it plein stimpelje, meitsje dan ferve fan raspte stoepkryt en in bytsje wetter

Wat moastst dwaan?

1. Snij in grutte ierappel dwerstroch en dip him drûch mei keukenpapier. It is wichtich dat de ierappel drûch is, dan krijst in dúdlike stimpel.
2. Stek mei in foarmke in figuerke yn de ierappel (op it plak dêr'tst him midstwa snien hast).
3. Ast gjin foarmke hast of brûke wolst, kinst ek in figuerke op de ierappel tekenje mei in stift of pinne.
4. Snij de oare stikjes ierappel der foarsichtich mei in meske omhinne wei, snij ûngefear in heale sintimeter djip. Sa bliuwt allinnich in figuerke oer as stimpel.
5. Drûgje dyn stimpel nochris in kear mei keukenpapier.
6. Smar mei in kwastje wat ferve of ecoline op dyn stimpel.
7. De ierappelstimpel is klear. Wêr makkesto in moai patroantsje op?
8. Is dyn stimpel goed slagge en wolst him bewarje? Doch him dan yn in plestik pûdsje yn de friezer.

BRÂNNETTEL

BRÂNNETTEL

Nederlânsk:

Brandnetel

Latyn:

**Urtica dioica en
de Urtica urens**

Kensto de brânnettel? Wis wol! Dat is it (ûn)krûd dat priket ast it oanrekkest. Dit prykjen is in beskerming fan de plant om te soargjen dat er net opiten of plôke (geplukt) wurdt. Wy wolle se eins net yn de tún ha, mar witsto wol dat se hiel nuttich binne?

Brânnettels kinne de grûn skjinmeitsje. Eins is de brânnettel de jiskeman fan de natuer. Dêrom sjochst dit plantsje ek faak op dongbulten (mesthopen), ôffalstoartplakken en yn de grientetún. De brânnettel soarget derfoar dat de grûn sûner wurdt, hy makket him iepen, rûch en fruchtber. Ek foar minsken is de brânnettel hiel goed.

**De brânnettel: it wûndere
superfood foar natuer,
lânbou en minsk!**

Kinst der tee fan sette, dy't alles yn dyn lichem prikelet en dyn lichem suvert. De brânnettel makket nammentlik it bloed skjin troch dyn lichem te fertellen dat it ôffalstoffen loslitte en ôffiere moat. Hy wurdt by in hiel soad klachten brûkt, bygelyks om dyn hûd wer moai

te krijen asto pûstkes hast. Ek hat de brânnettel goede stoffen as kalsium, kalk en izer yn him en dat jout ús lichem krêft.


Wa hat wolris brânnetteltee hân? Soesto ris in kopke brânnetteltee drinke wolle? Tink der dan wol om wêr'tst de brânnettel plôkest, bygelyks net op de jiskebult (vuilnisbelt). Kinst foar it plôkjen it bêste eefkes túnmoffen oan dwaan. Foar in kopke Rtee brûkst trije of fjouwer bledsjes fan de toppe. Dy dochst yn in grutte mok en dêr skinkst, mei help fan in folwoeksene, siedend wetter op. Efkes stean litte, eventueel troch in seefke helje, en dan kinst it drinke. Hiel sûn! Fynst it net sa lekker of hast tefolle tee set? Spiel dan dyn hier mei ôfkuolle brânnetteltee nei it hierwaskjen. Krigest der moai glânzjend en sterk hier fan!



Tsjek dit!

Venus en Jupiter yn konjunksje

Lis dyn mobyltsje ris even oan kant en gean nei bûten. Oerdeis, mar ek jûns sjochst fan alles om dy hinne. Der is altyd wol wat te sjen of te belibjen. Sa wie der op woansdeitejûn 1 maart hiel wat spesjaals te sjen oan de westlike loft. De planeten Venus en Jupiter stiene foar eefkes hiel ticht byinoar. In konjunksje neame se dat. It wie sa opfallend dat der folle mear UFO-meldings kamen as oars. Guon ûndersikers tinke dat de stjer fan Betlehem (de kryststjer) dy't te sjen wie by de berte fan Kristus, mooglik deselde konjunksje wie fan Venus en Jupiter. Hast it net sjoen, dan moastst even geduld ha. Yn 2040 steane de planeten (foar 't each) wer hiel ticht byinoar.



See-earn by Earnewâld

Mar der binne ek oare dingen yn 'e loft te sjen, sa as See-earns (zee-arenden). Dat binne hiel grutte rôffûgels; fan it iene wjuk(vleugel)-útein oant it oare wol 2 oant 2,5 meter. Der binne der net in soad fan yn ús lân. Yn De Alde Feanen by Earnewâld sit in spantsje (paartje). Se ha in nêst makke yn in beam. Yn maart hat it wyfke aaien lein en op 12 april binne der twa fûgelpykjes berne. It Fryske Gea hat der in webcam by. Kinst se live folgje fia de webcam.



De Ofslútdyk


Wy ha it der al in kear earder oer hân: de Ofslútdyk is no goed njoggentich jier âld. Der wurdt al jierren wurke oan it sterker en better meitsjen fan de dyk. Komst meikoarten net in kear mei de auto oer de dyk, dan kinst it wurk ek folgje fia de spesjale website fan Rykswettersteat (Rijkswaterstaat).



Poalljocht



Poalljocht of noarderljocht is yn ús lân net faak te sjen, dan moastst nei Iislân of Laplân. Mar yn febrewaris wie it goed raak. Benammen oan de kust fan Fryslân en Grinslân wie it noarderljocht fantastysk te sjen, foaral mei in goede fotokamera. Dat luts fansels in soad folk. Oan de waadkust wie it folle drokker as gewoanlik.



Akwadukt yn problemen



It akwadukt ûnder it Margrytkanaal tusken De Jouwer en Snits hat al moannen problemen. It akwadukt is fan 1978 en hat no in skoft ôfsluten west foar it ferkear. In oantal betonnen tunnelstikken kaam foar in part omheech. Om't der in stik as wat grûnankers stikken wiene, drukte it grûnwetter dizze betonnen tunnelstikken omheech. Der wurdt al in skoftke wurke oan in reparaasje, mar dy liket noch net sa simpel.

Boa constrictor yn de Haulsterbosk



In boa constrictor is in grouwe slang. Dy komt foar yn waarme lannen. Mar begjin maart fûnen twa kuijers yn it Haulsterbosk by De Jouwer in echte boa constrictor fan wol oardel meter. Letter die bliken dat de slang spitigernôch dea wie. Ien dy't it bist as húsdier hie, hat der wierskynlik ôf wollen en it bist efterlitten yn de bosk. Dêr hie de Boa gjin kâns, want it is hjir fierstente te kâld foar dizze slang.





Fryske hynders

Do hast se grif wolris yn it lân stean sjoen; Fryske hynders. Allegear grut, swart en in noflik karakter. Hynders wenje al hiel lang by de minsken. Op 'e pleats koest in hynder eartiids (vroeger) goed brûke. Se holpen de boer by it swiere wurk. Ungefear tachtich jier lyn waard dat oars. In protte boeren kochten in trekker. Foar de hynders wie doe gjin plak mear. Ek it oantal Fryske hynders gie hurd achterút. Op it lêst wiene der noch mar twa goede Fryske hynsten (hengsten) en net mear as trijehûndert merjes. Dat koe sa net fansels. Der moasten mear Fryske hynders komme. Oars soe it ras útstjerre. Troch goed te fokken kamen der wer mear. Allinne brûkten

de minsken se no net mear om op it lân te wurkjen mar riden der op yn in maneezje of setten se se foar in koets of in kärke.

Om 1990 hinne wiene der al wer sechstich hynsten en tweintichtûzend merjes. No binne der noch wer folle mear. Dizze hynders binne allegearre goedkard troch it stamboek. Se binne rassuver. Dêrom wurde alle Fryske hynders strang keurd. It begjint al as se noch mar in pear moanne âld binne. Dan komt de ynspekteur fan it stamboek del. Hy jout alle foaltsjes (veulentjes) in nûmer. Dat nûmer stiet op in chip. Nei trije jier wurde de hynders op 'e nij keurd. It hynder hat no moaie folle moannen (manen) en

in lange dikke sturt. In lytse holle mei grutte eagen. Fiterlokken (lang hier) op 'e fuotten en in koarte rêch. En sa is der noch folle mear.

Allinnich mei de bêste hynders wurdt trochfokt. In goede merje neame se STJÊR. En de bêste stjerren wurde MODEL. Stjerren en modellen binne hiel djoer. In model kostet samar €25.000,- en in goede hynst twa kear safolle oant soms wol in ton! (€100.000,-)



Sudoku

3		9		2			4	
4					1	5		
	8	7	4	6		9	3	2
8		5		7		3	2	
	7				2			1
2			1		3	7		
					4			9
6		1	7			2		
	9	2	6		8	4	1	7



Hynstesprong

De hynstesprong komt út 'e skaaksport. Dêr mei it hynder twa foarút en dêrnei ien nei links of rjochts springe. Yn dizze puzel stiet dit jier de namme fan in berop. In berop mei njoggen letters. De namme fan it berop begjint mei de reade letter. De lêste letter stiet yn it middelste

E	N	L
A	A	R
i	L	B

fakje. In pittige puzel dizze kear mar miskien helpt it plaatsje al in bytsje. Kinsto de oplossing mei de hynstesprong fine? Mail de oplossing nei tsjil@cedin.nl

Trochstreekpuzel

It tema fan dizze Tsjil is natuer en lânbou. Dêrom dizze kear in puzel fol mei wurden dy't hjirmei te krijen ha. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd dat sawol by de natoer as by de lânbou past. Skriuwing dit wurd yn in e-mail en stjoer dy foar **30 maaie** nei tsjil@cedin.nl. Skriuwing dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.

Sukses!

B	L	O	M	M	E	N	I	J	R	E	K	R	O	U	B
B	G	S	I	I	S	Û	K	E	R	B	I	T	E	N	
I	J	N	F	K	R	S	K	I	E	P	T	I	U	R	F
E	O	E	K	E	U	N	M	O	L	K	E	I	J	R	B
H	D	E	E	K	O	T	N	P	L	O	M	F	E	E	
Â	T	T	R	K	B	S	T	A	E	B	Û	T	E	R	
L	S	E	B	E	S	I	I	E	R	E	D	N	Y	H	
D	N	E	O	R	O	I	E	H	B	W	E	I	N	G	
E	U	L	U	T	B	S	G	S	U	V	E	L	L	R	
R	E	T	B	I	O	L	O	G	Y	G	E	R	S	I	
I	J	K	B	I	E	R	B	R	O	U	W	E	R	I	J
N	O	M	A	I	S	M	Û	N	K	R	Û	D	M	N	
Ô	F	I	S	K	E	R	I	J	E	S	I	E	L	F	T
T	P	L	E	A	T	S	N	M	I	L	J	E	U	E	

Bierbrouwerij
Biology
Blommen
Bosbou
Bijehâlderij
Brij
Buorkerij
Bûter

Feeteelt
Fiskerij
Fleis
Fruit
Geit
Gers
Griente
Hea

Hynder
Ikkerbou
Keunstdong
Mais
Miljeu
Molke
Nôt
Pleats

Plomfee
Skiep
Sûkerbiten
Suvel
Trekker
Tsiis
Ûnkrûd
Wein



Yn de foarige Tsjil hawwe der in hiel soad skoallen meidien oan de puzel. Dat fine wy fantastysk! Dêrom hawwe wy besletten om dizze kear trije goede antwurden út de grabbeltonne te heljen. **Groep 8a fan CBS de Bolster yn Balk, Groep 8a fan IKC Wynwizer yn Ljouwert en Groep 5/6 fan basisskoalle PCBO Rehoboth yn Fryske Peallen** krije in moai boek tasjoerd. Fan herte lokwinske! De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **BAKSTIEN** en út de hynstesprong kaam **FOTOGRAAF**.

Jelte Morris & Jamilla

troch Peter Moorman

WURKJE OAN DE TAKOMST

